

## Bylage A.

Waling Dykstra: Untlieningen aan Nederlânsk-, Dútsk- en Ingelsktalige boarnelieten

### Nederlânsktalich

út: *Doaitse mei de Noardske balke* (1848)

#### ▫ De angeler

Wize: ‘Vrolijk maar! Vrolijk maar!’ Oersetting fan it liet ‘De visser met zijn meisje’, út: *Het vrolijke bleekersmeisje* (F.G.L. Holst, Amsterdam sa. 1841) 29-30.

út: *Doaitse mei de Noardske balke* (2<sup>e</sup> pr.; W. Bruining, Frjentsjer 1850)

#### ▫ In mij liet fen in famke en in skipper

Wize: ‘Napoleon waar zijt gij gebleven’. Mei de opmerking: ‘Nei Staring’. Oersetting fan ‘Een nieuw liet van een meisje en een schipper’ fan A.C.W. Staring (1767-1840), yn: *Belgische Muzen-Almanak* 1 (André Benoit-Stéven, Gent 1826) 17, dêr mei wize-oantsutting: ‘Als ’t begint’ en datearre 1825.

út: *Doaitse mei de Noardske balke* (3<sup>e</sup> pr.; Ippius Fockens, Frjentsjer 1853)

#### ▫ Simmermoarn-sankje

Wize: ‘Op in bekende wize’. Tekst nei oanlieding fan it ‘Morgenlied’ fan Jan Pieter Heije, yn: J.P. Heije, *Kinderliederen* (P.N. van Kampen, Amsterdam 1843) 4, en ‘Auf der Wanderung’ fan August Heinrich Hoffmann von Fallersleben yn dy syn *Gedichte* (F.D. Grüson en Co., Breslau 1827) 87-88. Eleminten út ‘Simmermoarn-sankje’ letter yn ‘Des Kuckucks Ruf’ (1864) fan Hoffmann von Fallersleben, te finen yn dy syn *Kinderlieder* (Lionel von Donop, Hildesheim/New York 1976) 15-16?

#### ▫ Wopke en Beitske

Wize: ‘To Bolswert yn ’e merke’. Dat is de wize fan it liet ‘De Boalsert merke fan Hoatse mei syn Wobbel’ fan Eeltsje Halbertsma. D. syn tekst is in neifolging (mei omkearing fan man/frou rol) fan ‘Karel en Rosa’, yn: *Het vrolijke bleekersmeisje*, 19-20. Mei titel ‘De echo’ yn: *Verzameling van gezelschaps-liederen, aan ernst en vrolijkheid gewijd* (2<sup>e</sup> pr.; H. Moolenijzer, Amsterdam 1835) 24. Ek oerienkomsten mei ‘It boask yn ’e iere moarn’.

#### ▫ In âld man en in jong faem

Wize: ‘Daar boven uit het vensterraam’. Mei de opmerking: ‘Bredero fan fierren neifolge’. G.A. Bredero (1585-1618), ‘Een oud bestevaartje met een jong meisje’, yn: G.A. Bredero, *Liederden*. Ed. E.K. Grootes (Querido, Amsterdam 1985) 14-15; op de meldij ‘Potshonderdduizendslapperment’, of ‘Potverdriedubbeltjes’. Or.: G.A. Bredero, *Boertigh Liedt-Boeck* (Van der Plasse, Amsterdam 1622).

#### ▫ It fleurige famke

Wize: ‘Wat is een man al zonder vrouw?’ Mei de opmerking: ‘Nei it Hollânsk’. Oersetting fan it anonieme ‘Het vrolijke meisje’, yn: *Feest-Vreugde, of uitgezochte verzameling van meer dan 100 nieuwe Gezelschaps-liederen* (Koopman en Lotz, Amsterdam 1850).

út: *Mink mei 't orgel* (Telenga, Frjentsjer 1860)

▫ Mink mei 't orgel

Wize: ‘Wie zich ook keer’ van Libars gaven’. Tekst nei oanlieding van ‘Het liedje van den liereman’ fan J.Th. Van Ryswyck, yn J.F.J. Heremans, red., *Bloemlezing uit Nederduitsche dichters* (van H. van Alphen tot op onzen tijd (H. Hoste, Gent, 1855) 197-198.

▫ It forlegene famke

Gjin wize-oantsjutting. D. meldt it net, mar it giet hjir om in ferfryskjende oersetting fan it Nederlânske liet ‘Het verlegene meisje’ (1804). Auteur ûnbekend, wize: ‘In Parijs, niet ver van haar moeder’. Yn: *Volks-liedjens, uitgegeeven door de Maatschappij tot Nut van 't Algemeen*. 5 Dln. (Harmannus Keizer e.o, Amsterdam 1789-1807).

▫ Sémans ôfskie

Wize: ‘Napoleon, waar zijt gjij gebleven’. Opmerking: ‘Nei 't Flaemsk fan De Laet’. De wize is fan it liet ‘De ondergang van Napoleon’. Sa. 1820. D. syn tekst is in ferfryskjende oersetting fan ‘Visscherslied’, yn: J.A. de Laet, *Gedichten* (2<sup>e</sup> pr.; J. Herreboudt, Elsene 1883) 71-72. Mei jiertal: 1845.

▫ Minneklachte

Wize: ‘Komt vrienden laat ons naar Noord-Amerika varen’. Tekst mooglik nei oanlieding fan Jan Jansz Starters ‘Minneklacht’ út syn *Friesche Lust-hof* (6e pr.; L.E. Bosch, Utrecht 1864) 63-64.

## Dútsktalich en Ingelsktalich

út: *Doaitse mei de Noardske balke* (W. Bruining, Frjentsjer 1850)

▫ Fryslân boppe!

Wize: ‘Van alle landen op deez’ aard’. Tekst is in oersetting fan ‘Deutscher Ehrenpreis’ (1810) fan Georg Philip Schmidt von Lübeck, yn Ludwig Erk, red., *Deutscher Lieder-Schatz. Auswahl der beliebtesten Volks-, Vaterlands-, Soldaten-, Jäger-, Studenten-, und Liebeslieter*. Band 1 (Peters, Leipzig/Berlin s.j. [1880]) 176. Mei muzyk fan Albert Methsemel (1818).

út: *Doaitse mei de Noardske balke* (2e pr.: W. Bruining, Frjentsjer 1850)

▫ De boerestân

Wize: ‘Wie zich ook keer’ van Libars gaven’. Tekst is in frije neifolging fan Langbein, ‘An die Landleute’, yn: August Langbein, red., *Deutscher Liederkranz. Eine Auswahl der besten Gesänge für frohe Gesellschaften* (Amelang, Berlin 1820) 247-248. Dêr mei wize-oantsjutting: ‘Nach der Weise des Reiterliedes von Schiller’.

▫ It famke en har blommen

Wize: ‘In het duisterste der bosschen’. Tekst nei oanlieding fan Aloys Schreiber, ‘Das Mädchen und die Blumen’, yn: Langbein, *Deutscher Liederkranz*, 266-267.

út: *Doaitse mei de Noardske balke* (3e pr.; Ippius Fockens, Frjentsjer 1853)

▫ It kleiend nachtegaaltsje oer de dea fan har mantsje  
Gjin wize-oantsjutting. Mei de opmerking: ‘Nei it Tsjutsk’. Ek yn *De Fryske Húsfreon* 1853, 114.

Tekst nei oanlieding fan Ludwig Höltz, ‘Elegie auf eine Nachtigall’, yn: Wilhelm Michael, red., *Ludwig Christoph Höltz’s Sämtliche Werke*. Erster Band (Gesellschaft der Bibliophilen, 1914) 32-33. Ofwikende fersy publisearre troch Voss, troch Schubert op muzyk set: ‘Auf den Tod einer Nachtigall’ D.399 (1816), publisearre 1895; en troch Mozart, ‘Sie, sie ist dahin, die Sängerin’ K.229.

út: *De boeresjonger* (Telenga, Frjentsjer 1857)

▫ Welkomstliet fan de boer aan de eibert

Wize: ‘Weér zinkt de dagtoorts neder’. Dat is de wize fan it ‘Avondlied’ fan H. Maronier, yn: W. Oudshoff, *De muzikale vriend der jeugd, of bevallige zangstukjes voor het opkomend geslacht* (5<sup>e</sup> pr.; Van Mensing en Van Westreenen, Rotterdam 1828). Muziek fan Glaser yn: A.W. Helffer, *Handleiding bij het onderrigt in de toon- en zangkunst* (G. Portielje, Amsterdam 1829) 28-29. D. syn tekst is in frije neifolging fan Hoffmann von Fallersleben, ‘Bei des Storches Wiederkehr’, yn: H. Hoffmann von Fallersleben, *Maitrank. Neue Lieder* (Renardier, Paris 1844) 3. Ek eleminten út: Rau, ‘Storchlied’, yn: Heribert Rau, *Gedichte* (Fränkischen Buchhandlung, Stuttgart 1843) 250-252.

▫ De mündersdochter

Wize: ‘Is de vreugd der stervelingen’. Yn de tredde pr. fan *De boeresionger* mei wize-oantsjutting: ‘Nany, nany, swy mîn kûke..’ Opnommen yn *Fryslân sjongt*, mei de fermelding: ‘Ingelske folkswize’. Tekst is in oersetting fan Matthew Lewis, ‘On the banks of Allan Water’. National Library of Scotland: ‘(..) is believed to have been written by Matthew Lewis (1775-1818), the English author, socialite and one-time member of parliament best known for his gothic novel *The Monk*. Although Lewis was an Englishman, his song refers to a Scottish river, the Allan Water, which rises in the Ochil Hills and joins the Forth south of Bridge of Allan. The song became very popular and features in Thomas Hardy’s 1874 novel *Far From the Madding Crowd*.’

út: *De boeresionger* (3e pr.; Telenga, Frjentsjer 1876)

▫ De lokkige boer

Wize: ‘Ach meisje lief, waar schrijt gjij om’. Nei oanlieding fan Friedrich von Hagedorn, ‘Der verliebte Bauer’, yn: *Sämtliche Poetische Werke des Herrn Friedrich von Hagedorn*. Dl. 4 (Schrämpl, Wien 1791) 106-109.

út: *Mink mei ’t orgel* (Telenga, Frjentsjer 1860)

▫ Ealses klachte

Wize: ‘Duizend kneepjes, duizend kunstjes’. Tekst nei oanlieding fan Anonym, ‘Augentrost’, yn: Karl Simrock, red., *Die Deutschen Volkslieder* (Heinrich Ludwig Brönnner, Frankfurt am Main 1851) 276-277.

▫ Blommen

Wize: ‘Fan alle lannen op ’e wrâld’. Dat is deselde meldij as fan ‘Fryslân boppe’. Tekst is in ferfryske oersetting fan Höltz, ‘Blumenlied’, yn: Langbein, *Deutscher Liederkranz*, 243.

Skreaun 1773; orizjinele titel ‘Minnelied’. Op muzyk set troch Schubert, ‘Blumenlied’ D.431 (1816), publisearre 1887; en troch Gustav Blaser, ‘Blumenlied’, Op. 20, publisearre 1880.

út: *Fryske sang* (Bosman, Frjentsjer 1874)

▫ Kensto it lân?

Mei noaten; komponist Hans Georg Nägeli (1773-1836); sa. 1795. Tekst is in frije neifolging fan Johann Wolfgang von Goethe, ‘Kennst du das Land’, yn: *Wilhelm Meisters Lehrjahre. Ein Roman. Zweyter Band* (Goethe, Frankfurt und Leipzig 1795) 7-8. Ek op muzyk set troch ûnder mear Beethoven, Schubert en Berg. De oersetting liket Dykstra’s antwurd op de Nederlânske oersetting ‘Kent gij het land’; earste fermelding yn de Nederlandse Liederbank ‘na 1871’, opnaam yn de *Zangbundel van de Vereeniging voor Fabriksarbeidsters te Rotterdam* (Wit & Zonen, Rotterdam sa. 1871). Mar al langer in grutte hit yn literêr Nederlân. Sjoch ek ‘Landbeschrijving’ troch M. Bloemen, yn *Vaderlandsche Letteroefeningen* 1825, 96-106. Piet Paaltjens skreau yn ‘Des zangers min’ de rigel ‘Kent gij het land waar de kleiaardappel groeit?’ (1851; yn *Snikken en grimlachjes*).

▫ Ald en nij

Mei noaten. Tekst is in neifolging fan Langbein, ‘Das Grossvaterlied’ (1812) yn: Langbein, *Deutscher Liederkranz*, 152, mei as wize-oantsutting: ‘nach der bekannten Tanzweise’, komponist ûnbekend. Schumann sitearret út de ‘Grossvater Tanz’ yn de lêste fan de *Papillons* en Tsjaikovsy yn de earste akt fan de *Nutekreaker*. Yn it Nederlânsk bewurke as ‘Toen grootvader eertjids mijn grootmoeder nam, / Toen wist men nog niets van Mevrouw of Madam’ (fan it liet ‘De goede oude tijd’). Liederbank jout as wize-oantsutting: ‘It Skeveningse famke’ (sjoch ek: ‘Iebel op ’e Dille’). Yn: J. Kwast, red., *Gezelschapsliederen, of Uitgezochte verzameling van 58 Nederlandsche zangen. Tweede bundel* (Noothoven van Goor, Leiden 1864).

▫ It pypke

Mei noaten. Tekst is in neifolging fan Anonym, ‘Mein Pfeiffchen’, yn: Ludwig Erk en Wilhelm Irmer, red., *Die Deutschen Volkslieder mit ihren Singweisen* (2<sup>e</sup> pr.; Hermann, Leipzig 1843) 59.

▫ Wês wol te moed

Mei noaten. Tekst nei oanlieding fan Langbein, ‘Die Zufriedenen’, yn: Langbein, *Deutscher Liederkranz*, 88-90.

▫ Sang

Mei noten; komponist Johann Adam Hiller (1728-1804). Oersetting fan Joachim Zarnack, ‘Sängerlied’, yn: Ludwig Erk en Wilhelm Greef, red., *Liederkranz. Auswahl heiterer und ernster Gesänge für Schule, Haus und Leben. Erstes Heft* (2<sup>e</sup> pr.: G.D. Bädeker, Essen 1841) 3. Op de meldij fan ‘Ohne Lieb und ohne Wein’ fan Hiller; Zarnacks tekst is wer in bewurking fan in gedicht fan Christian Felix Weisse (1766), yn: Langbein, *Deutscher Liederkranz*, 103.

▫ Nearne allinne

Mei noaten. Oersetting fan Wolf, ‘Einsam bin ich nicht alleine’, út: Pius Alexander Wolf, *Preciosa* (F. Schade, Wien 1825) 26-27. Ek yn it Nederlânsk oerset: *Preciosa, of Het Spaansch heidinnetje. Romantisch tooneelspel in vier bedrijven, met dansen en koren*. Oers. T.J. Kerkhoven (M. Westerman en C. van Hulst, Amsterdam 1830).

▫ In freun

Mei noaten. Tekst is in frije neifolging fan Simon Dach, ‘Lied der Freundschaft’ (1640), yn: Ludwig Erk en Wilhelm Greef, red., *Liederkranz. Auswahl heiterer und ernster Gesänge für Schule, Haus und Leben. Erstes Heft* (2<sup>e</sup> pr.: G.D. Bädeker, Essen 1841) 7.

▫ De rykste foarst

Mei noaten. Tekst is in oersetting fan Kerner, ‘Der reichste Fürst’, yn: Justinus Kerner, *Ausgewählte Werke. Erster Band* (J.G. Cotta, Stuttgart 1878) 46-47.

▫ De boer en syn soan

Mei noaten. Ek opnomen yn *Rom om 't hert* (1889). Tekst is in oersetting fan Höltý, ‘Der alte Landmann an seinen Sohn, yn: Ludwig Erk en Wilhelm Greef, red., *Liederkranz. Auswahl heiterer und ernster Gesänge für Schule, Haus und Leben. Erstes Heft* (2<sup>e</sup> pr.: G.D. Bädeker, Essen 1841) 13.

út: *Rom om 't hert* (Bosman, Frjentsjer 1889)

▫ Forjitmynet

Wize: ‘Wandelaar, ziet gjij in de dalen’. Tekst is in oersetting fan Carl Müchler, ‘Das Vergissmeinnicht’, yn: Ludwig Erk en Wilhelm Greef, red., *Liederkranz. Auswahl heiterer und ernster Gesänge für Schule, Haus und Leben. Erstes Heft* (17<sup>e</sup> pr.; G.D. Bädeker, Essen 1856), 54. Dêr op muzyk fan Friedrich Heinrich Himmel (1765-1814).

▫ De fornoege koaterboer

Wize: ‘Bikende wize’. Tekst is in frije neifolging fan ‘Ueber die Beschwerden dieses Lebens’, mei as oantekening: ‘Aus dem Französischen übersetzt’; muzyk fan Gaveaux. Yn: Ludwig Erk, red., *Lieder-Schatz. Eine Auswahl der beliebtesten Soldaten-, Jäger-, Studenten- und Liebeslieder*. Band 1 (Peters, Leipzig/Berlin s.j. 1880) 102.